

Adressen fan it Wurkferbân

Dr. Rienk Klooster, redaksje
Grinzerstrjitwei 34, 8921 TR Ljouwert
Till. (058) 251 94 25
E-post-adres: h.a.klooster@hccnet.nl

Tine van Minnen, skriuwster/redaksje
Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld
Till. (0511) 40 85 56 / 06-20600409
E-post-adres: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Oare bestjoersleden:

Drs. Y. Hiemstra, foarsitter fan it wurkferbân

D. den Hoed (0511) 53 95 58

J. Landheer (0511) 53 97 23
(tsjerkeriedslid, ponghâlder)

M. v. d. Molen (0511) 53 93 14
(tsjerkeriedslid)

J. Siderius (0511) 53 92 82
(tsjerkeriedslid)

A. de Vlas (0511) 53 93 13

G. Wester-Herder (0511) 53 92 08

A. Veldboom (0511) 53 92 86

Bankrekken fan it Frysk Oekumenysk
Wurkferbân Earnewâld:
Rabo Burgum e.o.: 34.98.14.058

Jitris: in God fan leafde

It wurk fan de Braziliaanske skriuwer Paulo Coelho is oer de hiele wrâld bekend. Syn boek 'De Alchemist' is miskien wol it bekendste fan syn hân. Yn syn wurk giet it om de ûnderfining, dat de minsk libbet yn in hiele tichte, mar ek frije ferbining mei it Mystearje. God is sawol fier boppe ús, as yn ússels en yn de wrâld en natoer om ús hinne. Yn elke ûnderfining yn ús libben leit in spiritueel boadskip besletten. Fan 't simmer haw ik (YH) in bondel koarte ferhalen fan him lêzen ('Als een rivier') en yn ien fan dy ferhalen hallet Coelho de skriuwer Henry Drummond oan. It ûndersteande sitaat komt út dy syn boek *De hoogste gave*. Neffens my past it gedachtegoed wat hjir ferkûndige wurdt, hiel goed by wat wy as Wurkferbân foarsteane.

It is ien fan ús doelstellingen minsken yn de frijheid te setten troch de romte te sykjen yn bibelske ferhalen en teksten. Dy fyzy op religy en wat dêr yn úteinlik de heechtse wearde is, fûn ik hiel befrijend.

'Ieder van ons heeft zich op enig moment de vraag gesteld die van alle tijden is: Wat is het belangrijkste in ons bestaan? We willen ons leven zo goed mogelijk leven en er is niemand die dat voor ons kan doen. Dus moeten we

weten waar we onze inspanningen op moeten richten, wat het hoogste doel is dat we willen bereiken.

Wat we meestal te horen krijgen, is dat het hoogste goed in het spirituele leven het geloof is. Vele eeuwen van religieus leven steunen op dit eenvoudige woord. Vinden we het geloof het belangrijkste ter wereld? Nou, dan slaan we de plank volledig mis.


In zijn brief aan de Corinthiers, hoofdstuk XIII, herinnert Paulus ons aan de eerste tijden van het christendom en hij sluit af met de woorden: *"Ons rusten geloof, hoop en liefde, deze drie, maar de grootste daarvan is de liefde"*. En het is niet zomaar een losse opmerking van Paulus. Want even eerder, in dezelfde brief, heeft hij het nog eens over het geloof. Hij zegt: *"Al had ik het geloof dat bergen kan verzetten - had ik de liefde niet, ik zou niets zijn"*. Paulus gaat het onderwerp niet uit de weg; integendeel, hij vergelijkt het geloof met de liefde en concludeert: *"de grootste daarvan is de liefde"*.

By ferkeard adres werom nei: Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld

Matheus geeft ons de klassieke omschrijving van de dag des oordeels: Gods Zoon gaat op een troon zitten en scheidt, als een herder, de geiten van de schapen. Op dat moment zal de grote vraag die de mens zich stelt, niet zijn: 'Hoe heb ik geleefd?' maar wel deze: 'Hoe heb ik liefgehad?'

De liefde zal de uiteindelijke toetssteen zijn bij het vinden van verlossing. Wat we gedaan hebben, waarin we geloofd hebben, wat we tot stand gebracht hebben, dat alles zal niet meegeteld worden, daarover zullen we ons niet hoeven verantwoorden, maar wel over de manier waarop we onze naaste hebben liefgehad.

Aan de fouten die we begaan hebben, zullen we niet eens herinnerd worden. We zullen beoordeeld worden op het goede dat we nalieten te doen. Want als we de liefde niet vrij haar gang laten gaan, dan zondigen we tegen Gods Geest, tonen we aan dat we Hem nooit gekend hebben, dat Hij ons vergeefs heeft liefgehad, dat Zijn Zoon voor niets is gestorven'.



de Earu

Nijsbrief fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld
Jiergong 10, nûmer 38, desimber 2007

God as de 'Almachtige'

Yn de rige fan preken oer de saneamde apostoalyske leauwensbelidenis' haw ik it hân oer de fraach, wat it krekt betsjut as wy it hawwe oer it leauwen yn in 'almachtige' God. De belidenis begjint ommers mei de wurden: 'Ik leau yn God de Heit, de Almachtige, Skepper fan himel en ierde'. Guon hawwe my frege om de tekst fan dizze preek. Sels hie ik it al yn de holle en skriuw dêr in artikel oer foar it tsjerkeblêd. Dit artikel is yn grutte linen de ynhâld fan de preek lykas ik dy hâlden haw yn Jorwert en yn Earnewâld. De skriftlêzing wie út 1 Johannes 4: 7-21, dêr't boppe stiet 'God is leafde'. Dan no de ynhâld fan de preek.

Ien fan de redenen wêrom 't ik de apostoalyske leauwensbelidenis noch noait as in belidenis yn in tsjinst útsprutsen haw, hat te krijen mei dy foarstelling fan God as 'de Almachtige'. Ik haw der noait yn leaud en kin der ek net yn leauwe. Want dan soe ik myn wurk as dûmny en as pastor net langer neffens ear en gewisse dwaan kinne.

Ik wol yn dizze preek dan ek dúdlik meitsje dat tsjin de foarstelling fan de God fan Israël as 'de Almachtige' frijwat beswieren yn te bringen binne en ek dat it hielendal net sa'n bibelske foarstelling is as fakentiids tocht wurdt. Foar in hiel soad minsken en ek teologen, is de foarstelling fan God as 'de Almachtige' likefolle as in aksioma. Hja nimme it foar sekerwier oan en der falt net oan te twiveljen. De bibelske wûnders binne op dat Godsbyld basearre. Want God is ommers 'almachtich' en kin yn prinsipe alles. Hy is by steat om troch de natuerwetten hinne te brekken en safolle wûnders te dwaan as er mar wol. 'By God is alles mooglik', hear ik dan gauris sizzen.

Filosofy oer 'almacht'

Mar wat is krekt 'almacht'? Kinne wy ús dêr wat by foarstelle? Der hat in filosoof west, dy't sei: it wurd 'Almacht' is op himsels in leech en sinleas begryp. It is ynderlik tsjinstridich en heft

himsels op. Want bûten dy Almacht bliuwt der gjin romte oer foar in oare macht. En wêr moat de Almacht dan noch macht oer ha? Dat is ien om oer nei te tinken.

Mar der is noch in beswier tsjin it begryp 'Almacht' yn te bringen. Want is de Almachtige ek bûn oan de regels fan de logika? Kin de Almachtige bygelyks in sirkel meitsje dy't fjouwerkant is. Of in stik izer dat fan hout is. Kin de Almachtige in stien meitsje wol sa swier, dat er him sels net mear optille kin? Sadwaande bin ik it iens mei de filosofen dy't sizze, dat 'almacht' in begryp is, dat mei himsels yn striid is en tagelyk leech.

Wêr komt it begryp 'Almachtige' wei?

Ik haw ris neigien, wêr oft yn de bibel God de 'Almachtige' neamd wurdt. Dat is in kear as wat yn it boek Genesis; hiel faak yn it boek Job; yn it NT hast net, útsein yn it boek Iepenbiering. Mar it is hiel opfallend, dat Jezus noait oer God praat as 'de Almachtige'. As wy nei de Hebrieuske grûntekst sjogge, dan fine wy dêr it wurd der *El Sjadj*. *El* betjut 'God'. *Sjadaj* is yn de Septuaginta, de âlde Grykske oersetting fan de hebrieuske bibel troch in tal joadske gelearden út de 3^e ieu foar Kristus, oerset mei *Pantokrator*. Letterlik betsjut dat 'hearsker oer alles'.



De Griken hawwe net allinne ús architektuer beynfloede, mar ek ús godsbyld

Preekrige

Tsjinsten fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân binne yn 'e Herfoarme Tsjerke. As by mienskiplike tsjinsten Herf. stiet, binne se yn 'e Herfoarme tsjerke. Griff. betsjut yn 'e Griffomearde tsjerke.

24 desimber	22.00 oere		Krystnachttsjinst
25 desimber		Frou M.L.H. de Jong, Drylts	Frysk Oek. Wurkferbân, (tiisdei, 1 ^e krystdei)
25 desimber	19.00 oere		Krysttsjinst foar de bern, yn 'e Griff.Tsjerke, mienskiplik Hollânske tsjinst, mienskiplik, Griff. Aldjersjûn, Frysk, mienskiplik
30 desimber	9.30 oere	Ds. E.H. Gullink, Drachten	Hollânske tsjinst; mienskiplik, Griff.
31 desimber	19.00 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oek. Wurkferbân Hollânske tsjinst; mienskiplik yn 'e Griff. Tsjerke
6 jannewaris	9.30 oere	Frou M. Gort, Earnewâld	Fryske tsjinst; mienskiplik, Herf.
13 jannewaris	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oek. Wurkferbân Hollânske tsjinst; mienskiplik, Griff.
20 jannewaris	9.30 oere	Ds. C.W. Kempenaar, Drachten	Fryske tsjinst; mienskiplik, Herf.
27 jannewaris	9.30 oere	Drs. Y. Hiemstra, Feanwâlden	Frysk Oek. Wurkferbân Hollânske tsjinst; mienskiplik, Griff.
3 febrewaris	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst; mienskiplik, Herf.
10 febrewaris	9.30 oere	Frou M. Gort, Earnewâld	Fryske tsjinst, mienskiplik, Herf.
17 febrewaris	9.30 oere	Dhr. L. Durksz, Surhústerfean	
24 febrewaris	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	
2 maart	9.30 oere	Ds. H. Wagenaar, Wurdum	Frysk Oek. Wurkferbân Hollânske tsjinst, mienskiplik, Griff.
9 maart	9.30 oere	Kand. B. de Jong, Kampen	Hollânske tsjinst, Griff.Tsjerke
12 maart	19.30 oere	Ds. C.W. Kempenaar, Drachten	Biddei foar gewaask en arbeid Hollânske tsjinst, mienskiplik yn 'e Griff. Tsjerke
16 maart	9.30 oere	Ds. J.G. Arendsman, Gerkeskleaster	Fryske tsjinst, Goed Freed tsjinst mei brea en wyn
21 maart	19.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, Peaske Fryske tsjinst
23 maart	9.30 oere	Drs. Y. Hiemstra, Feanwâlden	
30 maart	9.30 oere	Ds. J. Zonneveld, It H'fean	
6 april	9.30 oere	Ds. K. Visbeek, De Westerein	Frysk Oek. Wurkferbân

Kofjedrinken

Nei de tsjinst fan 13 jannewaris sille wy nei de tsjinst meielkoar in kopke kofje drinke. Elkenien is tige wolkom by dizze noflikke neisit.

Lêzingen oer de Islam

Der is wat misferstân oer de data fan de lêzings fan Yvonne Hiemstra oer de Islam. De goeie data binne tiisdeitejûn 15 en 22 jannewaris. Tiid: fan jûns 8 oere oant healwei tsien. Plak: Herfoarme gebou yn Earnewâld. Foar mear ynformaasje en opjefte kin kontakt opnommen wurde mei Tine van Minnen (06-20600409) of mei Yvonne Hiemstra (yvhiemstra@hetnet.nl).

Krystnachttsjinst

Om 22.00 oere yn de Herfoarme tsjerke. Mei meiwurking fan: Ds. Wim Schot út It Hearrenfean, oargelist Pieter Herder út Earnewâld en fioeliste Janneke Talsma út Aldegea.

In pear Joadske wysheden

Ferstân is ûnsichtber foar ien dy't it net hat

Men kin net altiten in held wêze, mar men kin wol altiten in *minske* wêze.

De earste stap op de wei nei de kennis is it besef, dat it in lange wei is.

De dingen dy't men leare moat om te dwaan, leart men troch dy te dwaan.

Myldens yn it oardiel wint en behâldt freonen.

Kopijdatum

Kopij foar it oare nûmer fan 'e *Earn* graach ynleverje foar 10 maart 2008.

It krystferhaal: hiel bysûnder

Yn désimber 2006 hie ik in telefoanysk fraachpetear mei Berber Bijma, meiwurkster fan it provinsjaal tsjinstesintrum fan de protestantske tsjerken yn Fryslân te Ljouwert. Yn ferbân mei in artikel yn it blêdsje fan it tsjinstesintrum woe hja graach in stikmannich dûmny's yn Fryslân hearre oer wat it kryst-evangeelje en it krystfeest harren persoanlik sei. Om't myn miening datoangeande noch neat feroare is, jou ik hjir wer wat ik doe sawat sein haw.

'It bibelferhaal yn Lukas 2 ferfeelt my noait. De ynhâld en de djippte fan it ferhaal, de bylden en de symboalen, it bliuwt foar my hiel bysûnder. Krystfeesten ferfele my al gau, mar it krystferhaal sels mei ik o sa graach fertelle, benammen oan bern. Bern binne hiel ûntfanklik foar de sfear fan krysttiid en as ik harren it ferhaal fertel, dan komme my de krystfeesten út myn eigen bernetiid wer yn it sin. Ik fûn it altyd prachtich'.

'Men kin it krystevangeelje maklik (dogmatysk) plat preekje. Mar it ferhaal sels hat in grutte sizzenskrêft: minsken ûnderweis, it ljocht, de ingels, de hoeders. De djippte en de glâns fan it ferhaal yn Lukas 2 fassinearret my altiten wer'. 'De essinsje fan it krystferhaal is foar my dat it keninkryk fan God yn ús hert en yn ús bestean komme wol. Konkreet betsjut dat: minsklikheid, humaniteit. It giet derom wat minsken foar elkoar betsjutte kinne. Minsken kinne ljocht bringe yn elkoars bestean'.

'De tsjinst op krystmoarn fyn ik alle jierren wer hiel bysûnder. Wy hawwe dan noait koaren en sokssawat, mar altiten in tsjinst mei fiering fan brea en wyn. Foar my binne dat de tekens by útstek fan it tichteby kommen fan God yn Kristus. In ferhaal is in ferhaal, mar tichterby as de taastbere brea en wyn kin it hast net. Ien fan myn favorite útspraken, ûntliend oan in grut mystikus, is dan ek: 'Al wie Kristus tûzen kear yn Bethlehem berne, mar net yn dy, dan bist en bliuwst in bûtensteander'.

'Mei Peaske en mei Pinkster ha wy ek in fiering mei brea en wyn, om sa de essinsje fan it leauwen ta syn rjocht komme te litten. Fan de trije grutte feesten is Peaske wol it meast essinsjeel. Peaske giet foarôf oan Kryst. Yn de tsjerkeskiednis hat Peaske dan ek âldere papieren. Der mei dan wat in hiërgary yn sitte, mar Kryst is foar my net fan in mindere oarder'.

Ik bin altiten wol hiel gau sêd fan alle drokte en kommersje om krysttiid hinne. Sa seach ik yn oktober al wer de earste krystmannen. En yn de desimbermoanne is alles ferjûn fan de

krystfersiering en skalle rûnom yn supermerken en warehuzen de krystlieten jin yn 'e mjitte. Troch al dy franje hinne moat men wol ekstra jins bêst dwaan om de kearn fan it krystfeest fêst te hâlden'.

R. Klooster



Fuotstappen yn it sân

Dit gedicht (fûn op ynternet) haw ik brûkt yn myn earste preek oer de leauwensbelidenis. Der stie boppe (van Loes): 'Ik heb heel weinig met religie en met de Heer, maar de essentie van deze woorden spreken mij enorm aan'.

*Ik dreamde en sjoch,
ik rûn oan it strân by leechtij.
Net allinne wie ik, de Hear wie by my.
Wy rûnen tegearre, it libben troch
en lieten yn it sân
in spoar fan fuotstappen, twa oan twa.
De Hear rûn oan myn hân.
Ik bleau stean, seach efterom
en seach myn libbensrin
yn tiden fan wille en gelok,
fan djip fertriet en wanhoop.
Mar doe't ik it spoar goed beseach,
seach ik op de hiele wei,
krekt dêr't it op 'en dreechsten wie,
mar ien pear stappen stean . . .
Ik sei doe: 'Hear, hoe kin dat no!
Krekt doe't ik Jo sa nedich hie . . .
Krekt doe't ik sels gjin útkomst seach,
op it dreechste stik fan 't libbenspaad . . .'
De Hear seach my fol leafde oan
en joech as antwurd op myn fraach:
'Myn leave bern,
doe't it sa dreech foar dy wie,
doe haw ik dy droegen . . .'*

leauwe en de kollega's dy't it sa ferkundigje. Mar ik neam it *ûnpastoraal* en *ûnminsklik*. Sels *ûnkristlik* en *net bibelsk*. Ik soe it sels *heidensk* neame wolle. Yn de heidenske âldheid komme wy ditsoarte fan godsfoarstellings oeral tsjin: yn Egypte, yn Grikelân en yn de Romeinske goadewrâld. Dit is bygelyks ek de god dêr't in man as Hitler yn leaude: net yn de bibelske God fan de leafde, mar yn in almachtige 'beskikker' of wol de 'foarsjennichheid'. Oan de almacht fan dizze god ûntliende er syn macht, sa wie er fan tinken.

Om my meie minsken leauwe wat se wolle. Elk hat it rjocht om it de apostoalyske leauwensbelidenis nei te sizzen en te leauwen yn in God dy't 'almachtich' is. En elk hat ek rjocht op syn eigen teloarstellings, tink ik dan. 'El Sjadaj', *keine Erklärung ist befriedigend*. Gjin ferklearring is befriedigend. De oersetting fan 'de Almachtige' is dat seker net. Persoanlik hâld ik it leaver op dy rabby Simeon dy't de tekst falle liet en sei: *Sja en daj*. Hy dy't 'genôch' is. En ik slút my oan by de ferklearring dy't de joadske gelearden Aquila, Summachus en Theodotion joegen oangeande *El Sjadaj*. God dy't genôch is.

Wat seit Jezus fan God?

En no kom ik by Jezus fan Nazareth. Hy, dy't de Soan fan God neamd wurdt. It is opmerklik dat Jezus de himelske Heit noait oansprekt mei 'almachtige' en ek noait sa oer him praat. Yn net ien fan de fjouwer evangeeljes komt it wurd 'God Almachtich' foar. Dat hoecht ús ek gjin nij te dwaan, want wat Jezus ús leart oer de himelske Heit, is dat er 'leafde' is. Hy is de Goede Hoeder, sa haw ik yn de earste preek oer it Apostolicum dúdlik meitsje wollen, Hy is as in Heit, sa haw ik dúdlik makke yn de twadde preek, in Heit dy't mei in gefoel fan djippe emoasje sjocht nei syn bern. En yn dizze tredde preek lis ik de klam op de godlike leafde. Dat haw ik sels net betocht, ik haw it út de bibelske ferhalen en berjochten. Benammen haw ik it fan Jezus fan Nazareth. Ik haw earder al sein dat foar ús de persoan fan Jezus Kristus in finster is op God. Yn him sjogge wy om samar te sizze hoe't God is. 'Dy't my sjoen hat, hat de Heit sjoen', is in bekende útspraak fan him. Alles wat Jezus ferkundiget en leart, hat te meitsjen mei it Godsryk fan frede en leafde, fan djippe minsklikheid. En yn syn libben giet Jezus dy wei, mei alle konsekwinssjes dy't dat hat. It is krekt syn kwetsberens dy't ús opfalt, it ôfsjen fan geweld, it striben nei frede. Hy is de Goede Hoeder, dy't each hat foar minsken, benammen dy minsken dy't der

ûndertroch geane. En hy ropt syn learlingen op om him te folgjen yn it dwaan fan de wil fan God.



Jezus' byld fan God: in God fan leafde

Yn syn earste brief docht Johannes dan ek oars net as dit boadskip fan Jezus trochjaan: *Freonen, lit ús inoar leafhawwe, want de leafde komt fan God; elk dy't leafhat is in bern fan God en ken God. Dy't net leafhat, ken God net, want God is leafde. As wy inoarren leafhawwe, bliuwt God yn ús syn leafde is yn ús ta syn doel kommen. Dêr witte wy oan, dat wy mei him ferbûn bliuwe: dat Er ús fan syn Geast jûn hat.*

Gemeente, God is Geast.

Hy is de Geast fan it goede. Hillige Geast. En as der al sprake is fan soks as 'macht', dan is dat de krêft fan dy Geast, de Geast dy't minsken besielet, ynspirearret en om samar te sizzen 'bergen fersette' lit. Dêr sille wy it mei dwaan moatte. En no kom ik wer by dy joadske gelearden, dy't dat drege en mysterieuze wurd *El Sjadaj* oersetten mei 'genôch'. Want de Ivige, de Alderheechste, dy't Abraham rôp om mei Him op wei te gean, de Ivige, dy't it folk Israël befrijde út Egypte en it paad wiisde troch de woestyn nei it ûnthjitten lân, de Ivige dy't it âlde folk de Tora joech, de Tsien Wurden fan frede en gerjochtichheid, om dêrneffens te libjen, dy God is foar ús 'genôch'. En wy sizze: dy God dy't wy yn it bysûnder kennen leare troch wat Jezus ús leart en sjen lit, troch syn ûnderrjocht en syn hiele libben, dy is foar ús 'genôch'. It is wier, wy sjogge gjin almachtige beskikker, gjin blyn needlot, mar in God dy't barmhertich is en fol fan genede. In God dy't de leafde sels is. 'Dy' is 'genôch': *El Sjadaj*.

Amen

Yn de Vulgata, de Latynske oersetting fan de gelearde Hieronymus om 400 nei Kristus hinne, jout it wurd *omnipotens*.

Dat betsjut 'Almachtige'. Fia it Latyn is de oersetting 'Almachtige' dus yn ús bibel bedarre. En dêrom wurdt God yn de apostoalyske leauwensbelidenis 'de Almachtige' neamd. Om't dy belidenis yn de measte tsjerken alle sneinen oplêzen wurdt, is dizze eigenskip fan God der by in hiel soad tsjerkeminsken fêst ynsliten.

Ik bin op syk gien en fûn yn myn Hebrieuske wurdboek (Koehler-Baumgartner) by dat wurd *Sjadaj* alderhande ferklearrings en oersettings, mar ta beslút stiet der:

Keine Erklärung ist befriedigend.

No explanation is satisfactory.

Der is dus gjin befriedigende ferklearring. Dat jout te tinken.

In oare oersetting: in oar Godsbyld?

Der is in nijsgjirrich ferhaal oer rabby Simeon, ien fan de oersetters fan de niisneamde Septuaginta. Hy rûn ek tsjin dat wurd *Sjadaj* oan, dy Namme foar de Hillige God. Hy begriep net wat dat wurd betsjutte en dus ek net hoe't er it oersette moast yn it Gryksk. It ferhaal fertelt dat er dêr stie mei it wurd yn de hannen. En doe foel it op de grûn yn twa stikken. Hy pakte se fan de grûn. En sa stie er dêr mei yn de iene hân *Sja* en yn de oare hân *daj*. Hy seach fan lofts nei rjochts, fan rjochts nei lofts en doe nochris en nochris... En ynienen seach er, as waard it him yn jûn wat dy geheimsinnige namme betsjutte: *Sja* is ommers gewoan 'dy' yn it Hebrieusk en *daj* betsjut betsjút 'genôch'. 'Dy't genôch is', dat is de betsjutting. Want Hy, de Ivige, is ommers genôch foar ús, foar ús bern, foar ús folk. De joadske gelearden Aquila, Symmachus en Theodotion hawwe yn de 2^e ieu nei Kristus yn harren ferbettere Grykske oersetting fan de Hebrieuske bibel alle trije *Sjadaj* dan ek net oerset mei *pantokrator* (hearsker oer alles), mar mei *hikanos*, dat 'genôch' betsjut. Nochris: dat jout te tinken!

Ik tink dat as *Sjadaj* yn ús bibel fanâlds ek mei 'genôch' oerset wie en net mei 'almachtige', dat fiergeande konsekwinssjes hân hie foar it leauwen. Want hoefolle minsken rinne net om mei de foarstelling dat God yn prinsipe 'almachtich' is, dat er alles kin: ûngelokken tefoaren komme, minsken beskermje, siken wer better meitsje, deaden werom bringe yn it libben en neam mar op. Ja, Hy *docht* it fansels net altiten, sa is dan de riddenaasje, allinne mar as it Him 'yn syn net te bedjipjen wysheid' goed tinkt. En wy moatte ús dêr ûnder deljaan.

'Fromme berêsting' hjit soks. En dat is yn it pastoraat gauris oanprize as in grutte kristlike deugd. Want it jout ommers gjin pas en kom yn opstân tsjin de wil fan God.

Opstân tsjin it âlde Godsbyld

Mar minsken dy't in bytsje kritysk binne, freegje har ôf, hoe't dy 'almacht' him rymje lit mei de godlike leafde, dêr't de bibel sa fol fan stiet? Want as God sa 'leafdefol' is, wêrom lit er dan minsken krepearje oan kanker of oan MS? Wêrom binne der dan natuerrampen, dy't sa'n protte slachtoffers meitsje: droechte, ierdskoddings, oerstreamings, tsunamys? Foar ien dy't almachtich is, moat it ommers net sa'n grut kerwei wêze om dêr wat oan te dwaan, soe men sizze. En men kin jin ôffreegje, wêrom't de Almachtige God net yngrepen hat yn Auschwitz, yn Sebrenica, yn Ruanda. En wêrom grypt er hjoed net yn yn Darfour, yn Birma en neam mar op. Hoe kin in God dy't leafdefol hjit te wêzen dit lijen talitte? Men soe sizze: of hy is net almachtich of hy is net leafdefol. Ien fan beiden. Want as er almachtich wêze soe dan soe er ommers samar yngripe kinne. Slimmer noch: as er almachtich is en alles op ierde ferrinne lit neffens syn wil, dan hat er ek alle ellinde sa beskikt. Auschwitz en neam mar op. Dan wiene de boalen oars net as wurktugen yn syn hân.

Heidensk godsbyld?

Guon sille miskien tinke: 'Dûmny, dûmny, jo bakke se wer brún fan 'e moarn.' Nee bêste minsken, ik wiis der allinne mar op dat dy foarstelling fan in almachtige God net doocht, in soad kwea oanrjochte hat en noch altiten oanrjochtet. It ropt alderhande falske ferwachtings op en djippe teloarstellings. Want krekt om dizze reden binne protten minsken fan it leauwen ôfrefreke. 'Yn sa'n freeslike God, dy't sokke freeslike dingen talit en sels docht, dêr wol en kin ik net yn leauwe', krij ik dan te hearren. En wat moat men dan sizze? Ik jou dy minsken altiten grut gelyk! Want wat moat ik sizze, gemeente, as ik by in siikbêd stean? 'Dit wurdt jo fan Godswege oandien?' 'God soe jo bêst helpe kinne as er dat woe, mar om ien of oare reden docht er dat net?' 'Jo moatte dat mar fan Him oanfurdzje?' Moat ik yn in stjerhûs sizze: 'It is spitich, mar it wie blykber de tiid foar jim mem, jim heit, jo man of jo frou? It wie blykber de tiid foar jim bern. God hat it sa beskikt. Want God is de Almachtige en Hy beskikt alles. Hy wit wat goed foar ús is?'

Ik soe se net graach de kost jaan wolle de minsken dy't libje mei sa'n godsbyld, dy't sa